



# UNBEGRINZE

– wurden tusken grinzen –

beatriz chivite ezkieta

Oersetting: Janneke Spoelstra

oarewunden  
|||

Co-funded by the  
Creative Europe Programme  
of the European Union



bestehitzak  
|||

## Omonia Plaza

Stilte en faasje  
it plein is bedutsen  
mei grien plestik en stegers

yn it skaad  
bewegingsleaze  
downen

oeral  
ride auto's  
motors stowe foarby  
giele taksys toeterje

yn it skaad  
bewegingsleaze  
downen

op it beton  
wachtsje se  
se sjogge nei my  
ik sjoch nei har  
wy sjogge nei inoar  
ik sit lykas har te wachtsjen

yn it skaad  
bewegingsleaze  
downen

in ploechje bern  
mei in komôf  
mar gjin bestimming  
dogge klapspultsjes  
yn 'e hoeke

op it lûd fan har hannen  
fljogge de downen fuort  
mar dy oaren  
hawwe gjin

wjokken.

## Limbo's of tiidgrinzen

Do fûnst it altyd moai om  
tusken de wite strepen  
fan sebrapaden te springen  
en it gat tusken  
de skonken te fielen.

Do staptest altyd  
op putsjes  
om de leechte ûnder  
de fuotten te fielen.

Do woest  
dûnsje  
op beferzen mominten

sliepe  
yn 'e koma  
fan in lange sin

bidde  
yn 'e ferheftige snok  
fan in gûlende poppe.

Untsnappe  
yn it momint  
dat de doar tichtgiet  
en dyn azem  
yn twaen brekt.

Do woest dat momint  
dat it aai brekt  
sûnder ein

ûnbegrinze.



Beatrix Chivite hat harsels NET oanmurken as feilich yn dizze  
frou-ûnfreonlike maatskippij  
yn 'e Westerske rjochtse polityk  
yn 'e leafde  
yn 'e flechtlingekrisis  
yn Uber  
yn medialeugens en ferskriklike cupcakes  
yn apaty  
yn jeugdwurkleazens yn 'e keunsten  
yn 'e rein

## Thús

As ik troch  
de Sineeske buert rin  
fyn ik guon stikjes

Yn it sjongen  
fan Italjaanske toeristen ek  
fyn ik fragminten fan thús

Yn alle buerten  
fan in grutte stêd  
wol ik in stikje  
fan myn hert  
fine

Ik wol net oer grinzen  
gean om alle  
ferlerne fragminten  
fan thús te finen.

## Oade oan oranje

Oranje  
is in lege bus  
saffraan  
de sinne op it sân  
it skaad fan in pjiskebeam  
in iensume gjalp  
in Fenetiaanske Spritz  
it burd fan in ler  
wisky en hunich  
de ynsekten finzen  
yn prehistoaryske  
hars.

Oranje is it eagenblik  
nei it momint  
oranje is de eksploazje  
oranje is de krêft  
fan it lústerjen  
fan wurden dy't  
net sprutsen wurde moasten

alles soe inkeld  
oranje wêze moatte.

## Oade oan wyt

De rook fan klean  
dy't drûgje yn 'e kelder,  
de smaak fan dyn mûle  
yn 'e moarntiid  
en in âlde non  
har ûnderklean  
binne allegear wyt.

Alle wurden dy't nea sprutsen binne,  
de binnenkant fan in sirkel,  
it oantinken oan ús beppe  
en kâlde jasmyn tee  
binne allegear wyt.

Wyt binne myn boarsten  
yn 'e maitiid,  
it spoar dat in fleantúch lûkt  
troch de loft,  
in lysjee sûnder feltsje  
en ús mem har hier.  
Dy binne ek wyt.

Wyt is it sâlt  
dat de lichems bedekt  
fan al dyjingen  
dy't stjerre by it oerstekken  
fan 'e Middellânske See.

## Oade oan giel

Immen fluitet  
op 'e gong.

Imerkes.  
En dyn eagen  
asto lakest  
binne ek giel.

In ljochtdûns  
in fallende stjer  
in trompet yn 'e woestyn  
en in sitroeniislolly.

Jim heit syn muorre  
is giel.

In wespestek.

De gjalpen  
fan in famke fan trije  
dat troch de tún draaft  
binne giel.

It lûd fan in fioele  
yn in lege skoalle.

Bier is giel  
twivel is ek giel  
bier  
twivel  
bier  
tinne fingers  
kleure mei stomoal  
de tosken  
fan in âlde smoker  
en dichter.  
Weet is ek giel.



Giel binne  
leffe sinnen  
en it sop  
fan misdieden en troubrek.  
Giel is drokte.

Giel is it koekoeksnêst  
it boarst fan 'e politikus.

## Oade oan blau

Poëzy dy't lêzen wurdt  
yn stilte  
is blau  
Sloveenske keukens  
op in middei yn april  
binne blau.

De wjerspegeling fan dyn eagen  
yn in fontein  
is blau.  
Bernejierren  
en de boskbeien  
dy'tst fynknypst  
yn dyn fûsten  
binne blau.

Dyn favorite prûk.

It ljocht dat yn  
de tsjerke falt,  
Japanske printen,  
in linnen jurk,  
it lûd fan in Imam  
en in leech  
swimbad  
binne blau.

Blau binne de beferzen lippen  
fan it famke dat sliept  
op 'e grûn op ien of oar  
Súd-Europeesk  
plein.

## Oade oan read

Laura har streakjen  
is read  
lykas har fuotten  
binne yn 'e simmer.

In farske wûne  
is read.

Read is goede wyn  
en in min sin.

It tredde orgasme fan 'e nacht  
is read  
argewaasje omdat 'st net by steat bist  
in goed fers te skriuwen  
is read.

Read binne de lêste dagen fan myn ûngesteldheid.

De korreksjes dy'tsto makkest  
op myn skriuwen  
en op myn lûd  
binne read.

Myn tampons binne read  
myn fette mûle  
en myn taffelskleed.

In stjitten  
tsjin in stiel tafel is read  
de skotten dy'tsto heardest  
tusken de minsken  
de muorre fan in timpel.  
De Middellânske See, dy't fan  
bloed trochrûn is, is read.

It momint dat  
mais poft is read.  
Wy sille allegear read wêze  
as wy wekker wurde.

## Simmer

O! Safolle sinne  
tusken dizze rigels  
safolle ljocht ferlern  
op dit stik papier.

## Byld

Ik gie lizzen op 'e stedsmuorre  
de bern seagen nei my en seine:

- se die de skuon út
- se leit yn 'e sinne
- se sil ferbrâne
- se sil falle.

## Luzen

Doe't ik  
yn it hotel oankaam  
hiene guon fan 'e bern luzen

en ik moast oan dy tinke  
lyts suske  
en dyn ivige jokte.  
Foar dy wiene it gjin parasiten  
it wiene hierders.

Se holden dy út 'e sliep  
en kitelen  
dyn tinzen

miskien wie dyn ADHD  
oars net as de tuten  
en it oangean  
fan dyn húsdieren

wêrom hâlde wy net fan  
besite  
dy't ús wekker makket?

## Oade oan grien

Koldo syn kij  
meitsje gjin  
ûnderskied  
tusken it gers  
oan de iene kant  
fan 'e ûnsichtbere tried  
en dat oan 'e oare

alles is grien  
sa grien

grien

wiet en libben.

## Utstalling

Op it perron  
leit al it ûnbekende  
wiid iepen  
foar ús.



## Leafde

Dyn frou  
foel fan 't bêd ôf  
fannacht

wylsto nei jazz  
harkest yn 'e bar  
de skonk streakest  
dy't by dy  
op 'e skurte leit.

## Hoefolle gesichten sjogge wy?

Sjoch nei dat pearke dêr  
se sitte yn in restaurant  
se sjogge net nei inoar  
se prate net  
se ferfele har, en binne bang

sjoch nei dy âlde frou  
dy't dy earme âlde hûn  
in tût jout  
de hûn hatet har  
mar sy wit it net

sjoch nei dy twa grouwe manlju  
dy't enoarme iisko's ite  
se binne har wurk krekt kwytrekke  
se binne lilke  
en do bist ôfgeunstich op har  
gigantyske iisko's

Hoefolle gesichten sjogge wy  
dy't yn stilte skrieme?  
tusken de wurden, wrâlden dêr't wy yn libje.

## Ljocht

Do slieptest altyd by my  
mar der wie in hiele wrâld tusken ús  
do slieptest altyd by my  
mar der wie in ûnsichtbere muorre  
tusken ús kessens

doe'tsto net mear by my slieptest  
staptest myn wrâld yn  
doe'tsto net mear by my slieptest  
bruts it ljocht  
ús barriêres ôf.

## Piksels

Efter dyn grien skerm  
dat is wêr't smaken en krûpkes  
har ferskûlje

se fljogge troch de kosmos  
en se ferskine  
yn dit kerlige byld  
yn dizze beswierjende wurden  
en bufferfideo's.

## De brutsen blik

Mei in hurde hammer  
sloopsto it gebou

mei in skerp wurd  
brekst stilte

mei in leaf oanreitsjen  
eangst

en mei in ljocht skerm  
ús eachopslach

## Der stiet net *Chiara, ik hâld fan dy* op 'e muorre

Sûnt ik in bern wie  
haw ik de wurden lêzen  
dy't de strjitten folje

yn it begjin  
lies ik se altyd lûdop  
mei ús mem  
doe, ûnbewust  
sei ik se stil yn myn holle

ûnbewust, sa'tst de eagen ticht dochst ast prúst  
ûnbewust, sa'tst yn 'e sliep falst yn 'e auto  
ûnbewust, sa't it hert dy begjint te jeien yn 'e disko  
ûnbewust

op muorren  
op buorden  
op 'e grûn  
op smoarge auto's

apoteek  
Zara  
busstasjon  
ûnôfhinklikheid  
Chiara, ik hâld fan dy

doe't ik út it fleantúch stapte  
koe ik al dy wurden  
om my hinne net lêze  
en ynienen  
fielde ik my  
leech  
alles wie der fierder  
allinne myn wurden wiene der net

apoteek  
Zara  
busstasjon  
ûnôfhinklikheid  
Chiara, ik hâld fan dy

## Wêr

Do staptest út  
op in stasjon sûnder namme

it hie gjin perron  
it wie midden yn in weetfjild

Do wiest de iennige dy't útstapte  
sûnder bagaazje  
gjin tassen

do rûnst

nei it plak  
dêr't de sinne sliept.

## Barsten

Hymje en pûst  
wylst besikest om in rôze  
flamingo swimbân  
op te blazen

draaf by de  
delgeande roltrep op

wachtsje op in trein  
dy't al fuort is

of miskien nea kaam.

Skriuw mei in pinne  
dêr't gjin inket mear yn sit

of miskien hat it der nea yn sitten.

Slach de earms om in wrâld  
dy't útinoar falt

of miskien hat er altyd losfêst west.

Ik spring yn it wetter  
sûnder dyn swimbân  
en ik sil sinke

of miskien net

ik gean by de trep del  
en sykje

in wrâld  
dy't te teheistere is  
om in gedicht te wêzen

te ferskûle  
om beskreaun te wurden.



## Oertrêding

Gean  
oer de skreef  
sûnder in grins  
is der gjin oertrêding  
sûnder oertrêding  
giest net te fier

de grins  
strekt him út  
yn syn ûnbegrinze  
territoarium

einleaze  
grins  
yn beweging

guon bern hawwe  
in sânkastiel  
makke

de wylde weach  
brekt yn  
en feroveret  
it ûnbekende

it lân  
mei in kastiel

wiet sân  
wurdt hurd  
wetter brekt  
de skieding  
de grins  
tusken  
it lân en  
de oseaan.

## Hoe te skriuwen?

Ik wit net hoe't ik  
iroanyske fersen  
skriuwe moat

ik wit net hoe't ik  
romantyske fersen  
skriuwe moat

ik wit net hoe't ik  
postmoderne fersen  
skriuwe moat

ik wit net hoe't ik  
fersen skriuwe moat

as de realiteit  
my rekket  
besykje ik de eagen te sluten  
mar ik hâld se iepen

ik stoarje en stoarje  
en fal stil

wat kin ik sizze?  
wat wurden soene safolle  
pine fersêftsje kinne?

lichte?

## Jimme 'ik'-ken

Wa wol yn 'e goedichheid  
myn auktoriale stim  
hearre

elk sines

ik soe jimme 'ik'-ken  
stelle wolle

ik wol dat myn 'ik'  
gewoan ferdwynt

sa dat inkeld jimme stimmen  
sjonge

sa't se dat  
oanienwei dogge  
ferstille  
mar net stil.

## Beatriz

Ik bin makke  
om dy nei it paradys  
te lieden

ik kin dy inkeld  
tasizze dat ik  
dy sljocht meitsje sil.

## Hotel

De reade elektroanyske klok  
op 'e sigarette-automaat  
knipperet  
alle sekonden ljochtet er eangstich op  
in slaaf fan 'e tiid

in mich sit op  
de sinasappelsopmasine  
in grouwe keardel sjocht op syn mobyl  
wylst syn frou in kiwy yt  
mei in plestik leppeltsje.

Anonime muzyk spilet  
komponearre foar anonime hotels  
troch anonime minsken.

De man giet wer nei syn keamer  
hy giet nei de badkeamer  
nimt in dûs  
en goait de handoeken  
op 'e flier  
oars wurde se net ferfongen, dêr bin ik wis fan

hy fielt  
sân op 'e flier  
tusken de teannen

de doar fan 'e keamer foar har oer  
giet ticht

de mich hat it sinasappelsop  
noch net op  
alle fitaminen geane derút

de klok is noch hieltyd benaud

de tiid hat sân tusken de teannen

de mich falt yn 'e sliep op 'e klok  
de sifers mjitte de tiid net mear  
inkeld it sûker-oerstreamde slaan fan it hert.

## Tsjin it *emoticon* sûnder mûle

Hast de mûle thús lizze litten

do seist neat  
do lakest net

do bist net bang  
do gûlst net

do hast inkeld eagen

wêr hasto dyn taal ferlern?  
wat wie it lêste wurd  
datsto lústerest?  
hoe sjongsto foar dysels?

## Oan 'e frachtautosjauffeur

Fêstplakt op 'e doar  
fan dyn frachtauto  
in frou yn in  
behindige bikiny

hjoed is it hjit  
en de lym  
raant op 'e hoeken  
yn augustus  
hinget se dêr net mear  
se sil oan it strân lizze

hjoed is it 17 juny  
dyn dochter  
har tredde jierdei  
mar der is gjin  
sinjaal  
hjinne, op dit plak  
sûnder namme

do sjochst foarút  
de kime  
- dat skerpe mes -  
snijdt dyn eagen  
yn twa soere  
kiwyhelten.

## Foar Abdo

Ik lit dy myn paspoart sjen  
it ferrint yn 2019  
en it is bordeauxread

op it omslach binne  
de namme fan myn lân  
en it wapen  
al lang ferblikke  
mar it is bordeauxread

de siden steane stimpels op  
en op alle siden  
stiet in lyts tekeninkje  
fan in trekdier  
of in histoarysk transportsysteem  
en it is bordeauxread

do sjochst dernei  
en joust it werom

myn paspoart  
iepenet  
mear ûnsichtbere doarren  
as dyn dochter Vianna  
har leaf glimke;  
omdat it bordeauxread is.



## 'Beatrix kom gau nei Athene'

Wa bin ik om dy te freegjen  
wêrom'sto hjir kaamst  
wa bin ik om dy te freegjen  
nei dyn leauwe en  
nei dyn deade suster

'ik wol der wol oer prate mar net fia in sms-ke'

En mei dizze eagen fan in ûnskuldich blank famke  
en mei dit brún wurden fel  
datst krijst fan te folle bier drinken yn 'e sinne  
en mei in pear poëzyboeken  
dy't meitsje dat ik my yntellektueel fiel

ik bin in 'writer in residence'

soms draach ik in sjaal om 'e holle  
en claim dat ik der Afgaansk út sjoch  
mar ik bin it net, ik bin ik net  
fansels bin ik it net ferdomme!

ik bin blank  
myn ID-kaart seit dat ik blank bin  
en ik skriuw oer dy

omdat ik my skurf fiel  
ik fiel my skurf omdat ik hjir bin  
en net wit wat ik dwaan moat

ik fiel my skurf  
en meitsje de flater  
om te tinken dat ik oer  
dyn ferdomde pine  
skriuwe kin

## Beppe

Ik wit sa'n bytsje fan dy  
ik wit datst kapster wiest  
do wiest grutter as dyn kammeraatskes  
op woansdeis joechst my faak  
donkere sûkelade.

Ik wit sa'n bytsje fan dy  
'txalo-txalo' en 'sagutxu'  
wiene dyn Baskyske wurden  
en do hiest net  
in bepaald aksint yn it Spaansk

ik wit sa'n bytsje fan dy  
ik hold fan dyn lammesop  
en ik haw dyn passy  
foar films en romans urven

ik wit sa'n bytsje fan dy  
jim heit wie grut en sterk  
hy hold dy foar it earst  
yn 'e earms yn Bilbao  
it wie om 1943 hinne  
do waardst bang  
wa wie dy man?

Ik wit sa'n bytsje fan dy  
yn 1936  
doe'tsto noch mar  
in pear moanne âld wiest  
namen jim mem en do  
in houten boat  
nei Frankryk  
jim heit bleau efter  
wa wie dy man?  
wa wiesto?

Beppe, ik wit sa'n bytsje fan dy.

## Tún

De túndoarren  
binne altyd ticht yn 'e winter  
dit jier binne troch in skimmel  
de dinnebeam, de eskdoarn  
en de lavindel deagien  
allinne de laurier oerlibbe it

it is simmer  
en ús mem  
hat alle doaren iependien

de foardoar  
is altyd iepen

as immen deryn komme wol  
se kinne sa nei binnen rinne – seit se  
se fine allinne boeken  
en lêze sil harren goeddwaan.

## Oan 'e Maffiaman

Do bist miljonêr no  
Do hufter!

Nachts ast de eachlidden sakje litst  
sjochsto eagen  
dy't har fêstklamje oan plestik motorboaten  
yn it tsjuster  
sykje om lân

sykje om in lân dat har negearret  
yn in see dy't har widzet  
yn stilte  
inkeld yn stilte  
bidde se  
soms

moarn bisto yn Punta Cana  
foar in fakânsje dy'tst  
o, sa nedich hiest.

## Baskysk en Microsoft

Agian, wurd't Again

Zurekin - Sure, king

Bakarrik, bakery

Otoitz, otitis

en fansels,

Beste hitzak

My Best Hits

## Oan 'e stewarddes

Nimmen sjocht mear nei dy  
nimmen harket nei dy  
de goreografy  
dy't wy prachtich fûnen yn 'e 90'er jierren  
seit ús no net folle mear

do lakest net nei ús  
as wy deryn komme  
do joust ús gjin  
wetter of iisko

do hoechst net  
lang hier te hawwen  
do bist net ferplichte om  
allinne mar kreas te wêzen

of teminsten  
ik hoopje fan net

## In jier sûnder wurk

Of semy-wurkleas  
it is net iens wurkleazens  
fjirtjin dagen hjir  
in wike dêr  
mar wêrom klagesto  
do hâldst fan dyn libben  
dochs?

do sitst foar dyn kompjûter  
lêst iroanyske artikels  
en skriuwst op Facebook messenger.

wylst ik myn miening jou  
oer de Biennale en Documenta  
lit ik de makaroany oersiede  
fuck Bea, dat wie it iennige  
datst hjoed hoegdest te dwaan.

Se binne feroare yn eat dat liket op  
rubber  
lykas alles dat de sinne oanrekket  
lykas dyn harsens hjoed

okee, gean derút en keapje húskepapier  
en nim in bierke  
ja, in bierke.

## Jou

Do joust bloed

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
hy jout rys

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
sy jout jurken

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
wy jouwe boartersguod

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
sy jouwe har tiid

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
wa fan ús soe it gelok dat wy hjir berne binne weijaan wolle?

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
wa fan ús soe dizze koele rein weijaan wolle?

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
wa fan ús soe syn rêstich libben weijaan wolle?

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
wa fan ús soe dizze loft sûnder drones weijaan wolle?

en wy klikke 'mei 'k wol oer' op Facebook. Diele. En wat dan?  
wa fan ús soe ús privileezje weijaan wolle?



## Mediterrane O

O,  
rivieren fan bloed  
O,  
de hoop bliedt  
O,  
herten brekke  
O,  
inkeld wetter  
sâlt wetter  
O,  
safolle Odyseussen  
safolle Moazessen  
O,  
iepenje de see  
rôlje it lân út  
sadat wy allegear oerstekke kinne.

## Lege kampen

Immen hat al skreaun  
oer de lege ferneatigingskampen fan 'e Nazys  
ferlamme yn tiden fan ôfgriis.

Immen hat al skreaun  
oer de lege Tsjernobyl-doarpen  
ferlamme yn 'e ein fan 'e wrâld.

Wy hawwe noch net genôch skreaun  
oer de Middellânske See  
de strannen fol plestik  
kwallen en oranje rêdingsfesten.

Wy hawwe noch net genôch skreaun  
oer de ôfskette Europeeske fjilden  
fol mei tinten en tried

of oer de teddybearen, stikken tekstyl, toarst en ferlerne hoop.

## Grinshûn

'Hola guapa,  
dit bisto net  
do bist folle moaier as op 'e foto'

do knypeagest nei my

do sjochst  
inkeld nei  
myn foto  
en myn titten  
'buen viaje'

ik reizgje  
foar dy bin ik in 'expat'

ús beppe  
wie in 'balling'  
myn freon  
in 'flechtling'  
myn buorman  
in 'migrant'

wurden, inkeld wurden  
freegje ús net wat wy binne  
freegje ús wa't wy binne.

## Oade oan swart

Nachten binne net swart  
se binne donkerblau  
en soms  
oker

alle dagen  
sûnder wurden  
binne swart

moarntiden sûnder fruit  
binne swart  
lykas pupillen  
en yngongen fan tunnels.

Peteroalje is swart  
dy ferdomde mei oalje  
fersmoarge strannen binne swart  
autobântsjerkhôven binne ek  
swart.

Drones binne swart  
de reek fan in eksploazje  
is swart  
skerms dy't nei ús sjogge  
binne swart.

Neatigens en it ûneinige  
binne swart  
eangst is swart  
en pine dy't sa djip is  
as dyn pupillen yn it tsjuster  
is swart.

## Maribor, Europa

Ik sit op in Europeesk  
plein  
op in simmermoarn

ik bestel  
in *latte*  
en in sûkelade croissant  
sigeuners spylje 'besame mucho'  
en 'Les Champs Elysses'  
op har akkordeonnen

besoargers losse har frachtauto's  
de ober smookt in sigret neist de doar

toeristen beslute wat te dwaan  
mosken pikke op myn tafel

studinten mei grutte rêchsekken  
prate oer har wykein

myn suster skriuwt my op whatsapp  
we prate oer Bauman syn *liquid love*

Europa, myn Europa, âld en ferjitlik  
Europa hat it gesicht fan 'e beppe fan heitekant  
Europa is in wurge, âlde frou

se hat oarloggen meimakke en wylde feesten  
se is deryn slagge om in bûntjas foar harsels te keapjen  
en no sit se te bekommen op har brune bank

Europa libbet yn eangst  
mar se wit net  
wêr't se bang foar is  
se is âld, allinne mar âld.

as se stjert  
wa sil op har bank sitte?  
wa sil har bûntjas erve?  
wa wol der no noch in âlde bûntjas?

I.

de griene tûke  
giet de grins oer  
wêr hearre  
de prommen thús?

II.

it hart wist net wat  
stekpunten wiene  
oant it fongen waard  
yn 'e buert fan Bodova

harten binne ek stoarn  
om't se gjin Europeeske  
paspoarten hiene.

III.

do stekst in grins oer  
en ynienen  
bist frij

as yn  
bernespultsjes  
do hast wûn



## Schengen

ienris, ienris  
wiene wy itselde lân  
ienris wiene der gjin ferskillen tusken ús  
ienris wiene wy sibben  
ienris dronken wy deselde molke  
ienris liezen wy deselde boeken

dat ienris is net sa fier fuort

doe giene wy útinoar  
wy beklammen ús ferskillen  
ik kom dêr net wei  
do komst hjir net wei  
wat is 'dêr'?  
wat is 'hjir'?

## Sentilj

Sentilj is in krúspunt  
ik haw honger  
se stjoere my  
nei in pizzeria ticht oan 'e dyk

de ober hat in loai each  
op 'e radio is popmuzyk fan 'e Balkan  
in grutte ketchupfles sit op 'e tafel

in pear steltsjes yn minyrokken  
it fel ûnder de lilke tattoo's

in bordeel mei de namme Yucatan  
in hierde wite limo  
bûten parkearre

in goedkeape supermerk  
en by alle huzen  
opsteapele kachelhout

auto's mei Eastenrykse nûmerbuorden  
benzinstasjons en wegen dy't nei de heuvels liede

it is simmer  
mar it fielt kâld oan

it is in ferfeelsome sneon  
de rook fan dinnehout

de steltsjes sjogge nei har mobyeltsjes  
ien fanke sit oan har enoarme  
nep gouden ring  
de oare boartet  
mei har nâlepiercing

oan 'e oare kant fan 'e dyk  
in distribúsjesintrum dat Paloma hjit  
frachtauto's fol woarsten komme en geane

foar in laserûnthieringssintrum oer.

## De oare kant

Dit fers  
befynt him tusken twa wrâlden  
tusken noard en súd

dit fers  
hinget oan 'e punten  
fan in ruostige tried

it wachtet op it stek  
sliëpt op it semint  
fan 'e muorre  
it heart hjir  
    op it rântsje

dit fers is fol  
fan ûnwissigens  
foarút is it ûnbekende  
efter noch it bekende

dit fers is fan my  
mar ek fan dy

dit fers  
is mar in poadium  
dêr'tst fanôf springe kinst  
nei de oare kant

sûnder te witten wat, wa't, wêr't en wannear't de oare kant is  
wy dogge de eagen ticht  
en wy springe  
yn it ûnbekende

## Spoarwachter

Hy hat in blauwe  
broek oan  
en in reade pet op  
syn fel is brún  
syn eagen grien

hy wachtet op in stasjon  
mei rôze muorren  
en blommen yn 'e finsterbanken  
yn in lyts Sloveensk stedsje

as de trein oankomt  
docht er de flagge omheech  
as de trein fuortgiet  
docht er itselde

hy bliuwt  
op it stasjon  
noch stean  
te sjen.

## Oan de Ingelske taal

Ik sprek dyn taal  
mar ik hear dêr net  
ik bin inkeld in toerist yn dyn wurden  
ik klaai dyn lûden oan  
mei soarten fan om fierren  
myn R is steRk  
de Rizende sinne  
oer dyn wurdboek jít ik  
it sop fan 'e stappen  
fan myn ferline.

## Spegels

Ik wol net oer dy skriuwe  
do soest it better sizze

ik wol dy net portrettearje  
ik haw dyn selsportret nedich.

## In strúsfûgelfamylje ûnderweis

Ik rin stadich, op bleate fuotten op 'e sneldyk  
nearne wachtet immen op my  
no net  
net mear  
noch net  
by de grins freegje se net nei myn paspoart  
inkeld in strúsfûgelfamylje sjocht my foarbykommen

der is gjin plysje  
de stekken binne der  
no  
al  
noch  
nimmen sjocht dernei om  
nimmen hellet se derwei

immen liet in shirtsje efter op in stek mei stikeltried

by tafal stap ik Eastenryk yn

befeiligingskamera's  
kontrolllearje  
rêst

lege tinten  
rook fan hjit plestik

ik stel se my foar  
fol bern  
dy't har âlden  
oankrûpe

no binne se  
leech  
it oankrûpen is de grins  
ek oerstutsen

befeiligingskamera's  
sjogge allinne  
rêst.